

Sjong

JUNIOR

Lesbrief - Fûgelfrij



Dr. J. Botkeskoalle - Fûgelfrij

Ik bin no 10 jier âld en jong
As ik ea grut bin, dan gean ik myn eigen gong
Wy sjogge as geliken nei inoar
Mar sitsto krekt as ús ek op itselde spoor

Refrein

Oh oh oh oh ik wol wêze wa't ik wêze wol,
Oh oh oh oh ek al giet dêrtroch dyn hert op hol
Oh oh oh oh sjochsto my stean of rinste my foarby
Oh oh oh oh want dit bin ik en dêrtroch bin ik fûgelfrij

Wy binn' gelyk en stean hjir hân yn hân
Want wat ik wurde wol dat stiet frij yn dit lân
Al fielt it soms noch wolris wat ûnwis
Omdat de akseptasje noch hieltyd wat sykjen is.

Mar wy, wy binne gelikens oan elkoar
En do en ik rinne tegearre troch ien doar
Dus nim dit foarbyld mei yn watsto deistich dochst
Ast foar de spiegel stiest wa is it dy'tsto sjochst?

Refrein

Oh oh oh oh ik wol wêze wa't ik wêze wol,
Oh oh oh oh ek al giet dêrtroch dyn hert op hol
Oh oh oh oh Ooooooooooh
Fûgelfrij

Oh oh oh oh ik wol wêze wa't ik wêze wol,
Oh oh oh oh ek al giet dêrtroch dyn hert op hol
Oh oh oh oh sjochsto my stean of rinste my foarby
want dit bin ik en dêrtroch bin ik fûgelfrij

Ik bin no 10 jier âld en jong
Myn hert dat makket alle dagen no in sprong
De takomst is foar my en elkenien gelyk
En dat hâldfêst makket myn libben no al ryk

Refrein

Oh oh oh oh ik wol wêze wa't ik wêze wol,
Oh oh oh oh ek al giet dêrtroch dyn hert op hol
Oh oh oh oh sjochsto my stean of rinste my foarby
want dit bin ik en dêrtroch bin ik fûgelfrij

Fûgelfrij | Oh oh oh oh ik wol wêze wa't ik wêze wol Fûgelfrij
Fûgelfrij | Oh oh oh oh ek al giet dêrtroch dyn hert op hol Fûgelfrij
Fûgelfrij | Oh oh oh oh sjochsto my stean of rinste my foarby
Want dit bin ik en dêrtroch bin ik fûgelfrij

Aktiviteit 1: Filosofearje oer it nûmer

Groepsopdracht (lústerje en prate)




Mei de hiele groep sille jimme filosofearje oer it nûmer Fûgelfrij.
Brûk dêrfoar de fragen dy't hjirûnder steane en gean mei-inoar yn diskusje.

FILOSOFYSKE FRAGEN:

Wat as elkenien gelyk wêze soe?
Binne wy allegearre gelykwaardig as we ferskillend binne?
Wat is normaal/gewoan?

Kinst elkenien gelyk behannelje? Besjoch ûndersteande ôfbylding.



Wat is filosofearjen, hoe dogge je dat?

Filosofearje is mei-inoar neitinke oer spesjale fragen dêr't gjin goede antwurden op besteane. Foar dy filosofyske fragen is dus gjin antwurdeboekje. Mar jimme kinne wol besykje om mei-inoar ta in antwurd te kommen. Doch dat troch earst nei te tinken en antwurden te jaan mei arguminten. Dat betsjut dat jim net allinne mei ja of nee antwurdzje, mar ek fertelle wêrom't jim dat tinke. Sa hoecht gjinien bang te wêzen om wat te sizzen, want der binne gjin ferkearde antwurden. As dat net cool is! O ja... it mei-inoar neitinken en praten giet it bêste as jim gewoan kletse, sûnder fingers en beurten. Fertel wat jim tinke en stel fragen lykas 'Wat bedoelst? Wêrom tinkst dat? Wa tinkt wat oars?'. Sa wurde jim allegearre in stikje wizer oer de wrâld. Haw wille... tink dy tûk!

Aktiviteit 2: Wat is gelyk

Groepsopdracht (lústerje en prate)



STAP 1:

Ferdiel de klasse yn groepen. Kinne jim groepen meitsje dy't gelyk binne?

Doch dit trije kear. Tink bygelyks oan de folgjende groepekens

- Jonges/famkes,
- Kleur eagen,
- Hobby: sport of muzyk,
- Smaak: Pizza of Pankoecken

STAP 2:

Lit de klas sels groepkes foarmje op basis fan in oerienkomst.

De klasse kriget 10 tellen om in groepke te foarmjen.

Dêrnei hawwe se yn it groepke 2 minuten om in oerienkomst te finen.

De oare groepkes moatte riede wat de oerienkomst is.

Aktiviteit 3: Dit bin ik, wa bisto?

Yndividuele opdracht (skriuwe), Gesamtkeunstwurk



STAP 1:

Skriuw yn stekwurden op wa'sto bist. Jou dêrby antwurd op in oantal fan de folgjende fragen:

Wa bist? Hoe hytst? Wat fynst leuk? Wat fynst lekker? Wat is dyn lievelingskleur/-bist/-sport/muzyk/ of wat oars?
Wêr wurdsto lokkich fan? Wat kinst goed? Wat wolst wurde? Wa wolst wêze?
Wat fynst belangryk? Wer makkest dy soargen oer? Wannear fielist dy fûgelfrij?

STAP 2:

Ferwurkje watst opskreaun hast yn Stap 1 yn it puzelstik hjirûnder. Tekenje, kleurje, knip, plak, skriuw. Wês kreatyf en soargje dat dit puzelstikje sjen lit wasto bist.

